

Meartaligens yn Fryslân

Fryslân is ien fan de tolve provinsjes fan Nederlân. As ienige provinsje is Fryslân in offisjeel twatalige provinsje. Beide rykstalen, it Nederlânsk en it Frysk, binne hjir yn libben gebrûk. De Provinsje en it Ryk hawwe in mienskiplike ferantwurdlikens foar it waarboargjen fan de Fryske taal. Dêrom wurde der ôfspraken makke oer it fieren fan taalbelied.

Foar de hjoeddeistige perioade binne dy ôfspraken fêstlein yn 'e Bestjoersôfspraak Fryske taal en kultuer (2001-2010) en it Utfieringskonvenant (2007-2010). Neist Provinsje en Ryk hâlde de measte Fryske gemeenten har ek dwaande mei taalbelied op lokaal nivo.

It Provinsjaal bestjoer fan Fryslân fynt dat it Frysk kânsen krije moat en sribbet binnen har taalbelied nei gelykwaardigens en gelyk-berjochting. Om by it taalbelied sa goed mooglik ynspylje te kinnen op 'e hjoeddeistige taalsituaasje is der yn jannewaris 2007 in grutskalich taalûndersyk hâlden. De útkomsten fan dat ûndersyk wurde yn 'e Fryske taalatlas werjûn: in fisueel oersjoch fan it behearskingsnivo en it gebrûk fan de Fryske taal ûnder de ynwenners fan Fryslân. Lês **hjr** mear oer wat der yn de Fryske taalatlas stiet...

Fryslân hat sawat 640.000 ynwenners

Hast elkenien kin it Frysk ferstean, wêrfan de measten goed of tige goed. Likernôch trije fearns part fan de Friezen kin it Frysk sprekke en lêze, al leit it nivo fan it sprekken wol heger as dat fan it lêzen.

Mar in kwart fan 'e ynwenners fan Fryslân kin it Frysk skriuwe, wêrby't 10% oanjout dit goed of hiel goed te kinnen.

De behearsking fan de Fryske taal liket tusken 1967 en 1980 ôfnommen te wêzen, mar sûnt 1980 stabilisearre te wêzen (ferstean en sprekke kinne) of tanommen te wêzen (lêze en skriuwe). It Frysk wurdt troch alle leeftydskategoryen goed ferstien. De ûnderlinge ferskillen binne dêrby tige lyts.

Fryslân hat trije gemeenten dêr't noch aktyf in streektaal brûkt wurdt: East- en Weststellingwerf en it Bilt. Dêrneist binne der fjouwer stedsgemeenten: Ljouwert, Harns, Snits en Boalsert, dêr't neist it Nederlânsk en it Frysk ek noch it Stedfrysk praat wurdt. De oanwêzigens fan de streektaal of it Stedfrysk kin de legere behearsking fan it Frysk yn dy gemeenten ferklearje. Yn de nota streektalen (2004) hat de Provinsje Fryslân in stimulearjend en folgjend belied foar it Biltsk en it Stellingwerfsk ûnder wurden brocht. De gemeenten It Bilt en East- en Weststellingwerf binne de earstferantwurdlike oerheid foar respektivelik it Biltsk en it Stellingwerfsk.

De gemeenten dêr't it Frysk it bêste behearske wurdt, binne plattelânsgemeenten sûnder stedskearn. De posysje fan it Frysk is op it plattelân in stik sterker as yn de mear stedske gebieten.

54% fan de ynwenners fan Fryslân hat it Frysk as memmetaal. Under de memmetaal ferstean wy yn dizze quick scan de taal dêr't de respondint yn grutbrocht is. Yn 1994 wie dat noch 57%. It tal ynwenners fan Fryslân mei it Nederlânsk as memmetaal is yn dyselde perioade tanommen fan 31% nei 35%. It Nederlânsk liket him as memmetaal dus stadichoan út te wreidzjen, ten koste

fan de Fryske taal, mar benammen ten koste fan de streektalen.

Neist de ferskillende autochtoane talen (Frysk, Stedfrysk, streektalen en Nederlânsk) wurdt troch in pear prosint fan 'e ynwenners ek in allochtoane taal brûkt. De measte 'nije Friezen' wenje yn 'e stêden, sadat dêr ek mear ymmigrantetalen sprutsen wurde. In grut persintaazje fan de allochtoanen kin it Frysk ridlik goed ferstean.

De Fryske taal wurdt dêrneist (yn oare farianten) ek sprutsen yn de Fryske gebieten Sealterlân (Ostfriesland) en Nord-friesland, dy't offisjeel ûnder de Dútske steat falle.